In mûs yn ’e stoomboat!

Troch Riemkje Pitstra

It reint de hiele dei al.
‘Ik ferfeel my sa’, suchtet Tomke.
‘Witt’ jim wat?’, seit Kornelia.
‘Wy kinne wol in boat bouwe fan doazen.’
‘Jaaa, de boat fan Sinteklaas!’, ropt Tomke.
Se helje in pear doazen út it hok.
Der is ien hiele grutte doaze by.
‘Dêr kinne wy moai yn sitte!’, ropt Romke.
‘Ho, ho, de boat is noch net klear!’, seit Kornelia.
‘Der moat noch in mêst op.’
Tomke ferdwynt nei de gong.
Hy hellet in biezem út de kast.
Kornelia set de biezem yn de doaze.
Se bynt der in Frysk flachje oan.
Dan fersiere se de boat mei stickers.
Tomke tekenet in Swarte Pyt, in Sinteklaas en in hynder op ’e doazen.
‘Dit is in echte sinteklazeboat’, seit Romke.
‘Ik bin Swarte Pyt’, seit Romke.
Hy set in pitemûtse op.
‘Dan bin ik Sinteklaas’, seit Tomke.
Hy docht in miter op en in wyt burd om.
‘Ik bin de kapitein fan de boat’, laket Kornelia.
Foarsichtich litte se harren yn ’e boat sakje.
‘De boat begjint te farren’, seit de kapitein.
‘Tuffe, tuffe, tuffe, toet!’
Ynienen fielt Tomke wat yn ’e doaze.
Der beweecht wat achter syn kontsje.
It rint lâns syn foet.
It is griis en it hat in lange sturt.
‘In mûs! Der sit in mûs yn ’e boat!’
Romke sjocht it bistke no ek.
Hy springt omheech tsjin de sydkant fan de doaze.
De sinteklazeboat kipelet om.
Tomke, Kornelia en Romke rôlje oer de flier.
It mûske fljocht - rûts - de keamer út nei bûten ta.
‘Mar gau de boat wer opbouwe’, seit Kornelia.
‘Dan helje ik eefkes pipernuten.’
Tomke en Romke meitsje de boat wer hiel.
Mar earst sykje se goed yn de doazen.
Want ien mûs yn ’e sinteklazeboat is genôch.